

## Wenje yn it wetterlân.

Nei skoalle

We wennen op de pleats Uilkema oan de Biggemar. Simmers wie de mar as in blommetún. Fol pompeblêden en swanneblommen. We roeiden nei it doarp en de skoalle ta. Ik mei myn twa broers, Hette en Anne, dy't âlder wiene as mij. Ek Jolle en Ruerd Nauta, dy't op Ingebuorren wennen, rûnen troch it lân nei ús pleats ta en fearen dan mei ús nei Grou ta. Tusken de middei koene we net nei hûs ta. Dan ieten we earst altiten bij Ljibbe Hiemstra dy wenne doe foar it park oer yn 'e Westerbuert.

Ljibbe wie timmerman mar de tiden wiene min en Ljibbe sollisitearde dêrom as koster. Dy baan krige er mar yn de kosterwenning mochten gjin bern komme sadat ús heit in oar kosthús foar ús sykje moest. Doe binne we bij Rinze Epema kommen. Rinze en Atsje. Atsje wie in suster fan Ljibbe. Myn beide broers ieten dêr dan ek dus wiene we dêr mei syn trije yn'e kost.

Mar doe't myn broers fan skoalle wiene moest ik allinne hê. Dat wie net altiten like maklik want dan roeide ik allinich en dan waaide it soms ôfgrysluk hurd. Dan koe ik yn'e Mear der net yn opkomme. Dan lei ik de skou op'e hoeke fan de Wergeasterfeart. Dêr wie in plak dêr lei ik him fêst en rûn dan fierder oer de polderdyk nei hûs ta. Dan stie ik ticht by hûs foar de feart te roppen. Us heit-en-dy sieten dan te melken en hearden mij noait. Op it lêst sei ús heit: "Dit kin net mear hear." "Dat moat oars." Hij sei: "Do moast dêr mar bliuwe." Dan helle hij mij sneon-te-middeis op. Hij helle bij it molkfabryk it molkjild op, gong even bij de slachter lâns en dan gongen we tegearre mei ús skou nei hûs ta. We moesten sneon-te-moarns doe noch nei skoalle ta. Moandei-te-moarns brocht er mij dan wer nei Grou.

As er iis wie, of hast iis, wij koene der net oer en net troch, dan moesten we rinne. Je koene net in dei thús bliuwe hê. Trochsette. Dan moesten we trije kear oersetten wurde. Us heit brocht ús iisbrekkende oer de Mûzel hinne en dan rinne nei Lyts Mellema. Dêr wei fierder, mei oare bern dy't altyd rûnen, nei Tjitse en Anne de Groot, komelkers op Abeherne. Dy hiene dan al in soal troch de Wergeasterfeart makke. Sij setten ús oer en dan moesten we it Hôflân troch nei de Spokebrêge. De Spokebrêge wie in heech tiltsje. De measte boaten koene der ûnder troch farre. Wij rûnen dan fierder troch it lân nei de oerhaal oan de Grou. Dêr moesten wij oan de skille lûke. Dan kaam Willems-Aal mei de skou fan de oare kant. Sij hie dan ek al in soal makke troch de Grou en sette ús oer.

It wie altyd in hele reis want we hiene dan trije kertier wurk. Roeiend duorre de reis in heal oere. Dan wiene we folle flugger. Mar as it sterk iis wie dan koene we moai oer iis. De redens kamen ûnder en yn fiif minuten wiene we yn de buorren. Och wat wie dat moai. We rieden nei Epema en dêr kamen de skjinne klompen oan. Yn de buorren hiene se learzen mar wij net.

As it teiwaar waard moesten we ek op klompen oer it iis en dêr sieten dan wol teigatten yn dan moesten we goed op teantsjes. Dat wie net altyd like

noflik. We hiene wol ris grutte snieballen ûnder de klompen. Dy moesten je der wol ris even ôfskoppe.

As wij nei Grou moesten en de boaten wiene der foar krekt troch it iis fearn dan lei ús heit in lange ljedder mei in planke derop oer it soal. De Stânfries en de Lemsterboat fearen troch de Grou nei de Biggemar en bij ús lâns fierder nei Ljouwert.

It lêste jier ha ik it winterskoft helendal bij Rinse en Atsje west want ik koe it net mear dwaan. Ik wie net sa'n swier bynt.

Ik bin net op de bewaarskoalle west. Dêr wie gjin kâns ta. Mei Sint Piter of it Krystfeest koene we net in ferske meisjonge. Ik wie fiif en in heal doe koe ik al nei skoalle. Ik wie in betide learling omdat ik foar 1 novomber jierdei wie.

Op skoalle fûn ik der neat oan. Ik koe gjin nederlâns. De juffer sei dat ik sa dom wie. Dan hie se it oer in "raam" mar ik seach nergens in raam. (mantjse skiep) Dan wie ik sa senuwachtich. Dat mins hie altyd de pik op my yn leau ik. Froeger, nei skoalle, hiene we in skelk foar en dan hie ik in punt dêrfan yn'e mûle. Dan moest ik bij har op 'e earm foar de klasse."Sjoch sa'n fys famke,"sei se. Dan wer yn'e hoek en hannen op'rêch. It wie earst net leuk op skoalle. Yn de pauzes moesten de lytse bern op it skoalplein boartsje. De grutten mochten der ek bûten. We wiene dan oan it hinkeljen, hoepeljen, topjen, bokjespringen, knikkerjen, klepperjen, heinerbaljen of toudûnsjen. Ek diene we oertik en hiene we hânklapspultsjes. It fluitsje fan meester Scheffer klonk as de pauze om wie. Wij gongen dan yn rijen stean en mochten klas foar klas de skoalle yn.

Nei de legere skoalle bin ik thús kommen te helpen. Us heit sei: "Do kinst in feint en in faam útsparje en itensiede kinst wol bij mem leare."

Ytsje Huisman- v.d. Meer

27 – 10 – 2017